Advertinsje

Garaazje wurdt teäter foar yntym fer-haal oer mem en soan

Ronnie Porte 6 oktober, 17:52 • 4 minuten lêstiid

Foegje Omrop Fryslân ta oan Google-favoriten

200 stuollen yn de garaazje
© Omrop Fryslân, Ronnie Porte

Wat hawwe wy ús âlden noch te sizzen, en hokker petearen binne nea fierd? Yn in garaazje komme in mem en soan tweintich jier nei in ûnrêstige jeugd werom op wat der tusken harren bard is.

Oerdeis wurdt oan auto's sleutele, jûns feroaret de garaazje yn in teäter. Yn dy bysûndere setting spilet *Fierder nei it Noarden*, oer Gabe en syn mem Sunny.

Tweintich jier nei in ûnrêstige reis út Gabe syn jeugd geane se noch ien kear tegearre op paad. Sintraal stiet in petear dat se al dy jierren net mei-inoar fierd hawwe.

"Het gaat over de vraag: welk gesprek wil je nog hebben met je ouders, kan dat nog en wat heb je van ze nodig?" seit regisseur Loek de Bakker.

Fierder nei it Noarden: garaazje wurdt teäter

Gabe hie in ûnstabile jeugd mei syn mem. Se naam him mei op aventoeren en op in reis nei Laplân bedarren se yn in garaazje.

Tweintich jier letter sit dy reis Gabe noch altyd dwers. Mem en soan dogge de reis oer en komme wer yn in garaazje telâne.

Yntym ferhaal op in rûch plak

De garaazje is mear as allinnich in dekôr. De Bakker kin him de foarstelling hast net mear op in oar plak foarstelle.

"Het bijzondere is dat dit een plek is die gemaakt is om te werken, waar het over auto's gaat en niet over mensen. Terwijl deze voorstelling juist heel erg gaat over intimiteit tussen twee mensen."

Alle jûnen feroaret de wurkpleats yn in teäter. In tribune mei sa'n twahûndert stuollen wurdt nei binnen rôle en ljocht en lûd wurde opboud.

Advertinsje

Dizze ynformaasje ûntbrekt fanwegen dyn cookiefoarkarren

Wy respektearje dyn cookiefoarkarren en dêrom sjochst hjir gjin ynhâld. Kinst de ynstellingen sa hâlde of der dochs noch foar kieze om de personalisatiecookies te akseptearjen.

Foarkarren oanpasse

Tips fan de redaksje

Op 'e hichte bliuwe?

E-mailadres *
user@example.com

Kies 1 of mear opsjes *
- FryslânDOK
- Nijsbrief Kultuer
- Wyklikse nijsbrief

Ik gean akkoart mei de Betingsten en Kondysjes. *

Ferstjoere

Nei de foarstelling moat alles der wer út, sadat de oare moarns wer oan auto's sleutele wurde kin.

Garaazje Haaima as dekôr fan de foarstelling
© Omrop Fryslân, Ronnie Porte

Ek komponist en spiler Mats Voshol brûkt de bysûndere akoestyk fan de garaazje. "Lange klanken werken het best. Dan is die akoestiek alleen maar mooi, omdat het geluid kan dragen."

Wa soarget foar wa?

Foar Gabe wie de frije en aventoerlike jeugd mei syn mem net altyd like maklik. "It kin ûnfeilich fiele foar in bern wannear't je mem seit: tas ynpakke, net te folle mei, mar yn elk gefal in dikke trui. En dan gean se op paad", seit Tamara Schoppert, dy't Sunny spilet.

"It is natuerlik ek in grut aventoer, mar wannear't se it net yn de hân hat, is it as bern te spannend."

As de auto stikken giet, wurde de rollen omdraaid. Gabe giet om help, wylst syn mem efterbliuwt. Hy is op dat stuit hast de âlder. "Dêr giet it stik oer: wa soarget no foar wa?"

"Ik tink dat in hiel protte bern dat kenne en as se folwoeksen binne tinke: ho, wacht even", leit Schoppert út.

Kampanjefoto fan de foarstelling
© Heleen Haijtema

Skriuwer Herman van de Wijdeven en regisseur Loek de Bakker diene foar de foarstelling ûndersyk nei âlder-bernrelaasjes en praten mei belutsenen en saakkundigen.

Schoppert kin út eigen ûnderfining putte, sawol út har bernetiid as út de hjoeddeistige tiid, no't se sels mem is. "Ik krij eins deselde fragen en ik skrik hiel faak, want ik tink dat ik myn bêst doch, mar dochs..."

Dat sit soms yn lytse dingen. Koartlyn krige se fan ien fan har bern te hearren: "Ik dacht dat je nu thuis zou zijn."

Schoppert: "Dan tink ik: hie ik der wêze moatten? Ik tocht datsto it krekt noflik fine soest om even dyn gong te gean."

Oant 17.00 oere wurdt noch gewoan oan auto's sleutele
© Omrop Fryslân, Ronnie Porte

Uteinlik giet it ferhaal oer mear as dizze mem en soan. De Bakker hopet dat besikers ek neitinke oer de relaasje mei harren eigen âlden. Foar sa'n petear is gjin bysûndere lokaasje nedich: "Dat kan gewoon thuis op de bank."

Fierder nei it Noarden giet op 9 oktober yn premjêre op It Hearrenfean. Dy foarstelling is útferkocht. Dêrnei is it stik ek te sjen yn garaazjes yn Drachten en Ljouwert.

LÊS EK

Swimbad wurdt toaniel: Tryater komt mei unike jubileumfoarstelling

LÊS EK

Leafde, leagen en loslitte: de achtbaan fan Tryater op Oerol

LÊS EK

Râneprogramma by Anwar en de wolf tige populêr: Tryater yn de krystfakânsje folop ynternasjonaal

Diel dit artikel

X Facebook WhatsApp Linkedin

Email Link kopiearje

Omrop Fryslân is ek fia WhatsApp te folgjen. Fia ús WhatsApp-kanaal stjoere wy dy nijsgjirrige berjochten en fideo's út Fryslân en bliuwsto op 'e hichte. Abonnearje dy hjir.